




de Earra

Jiergong 19, nûmer 74, septimber 2018

Oer skepping en evolúsje

It earste skeppingsferhaal yn de Bibel is in yndrukwekkend ferhaal. Doelbewust skept G-d (*) mei syn skeppingswurden de wrâld sa't wy dy kenne. It is ek in bemoedigjend ferhaal, want de Bibel seit ús, dat dizze wrâld it risseltaat is fan in doelbewust wollen fan G-d. Yn in tiid dat de wittenskip ús leard hat dat wy libje op in lyts planeetsje, dat omswalket yn in hielal fan sa'n 28 miljard kilometer trochsneed (en wat is der dan noch foarby de grinzen fan it hielal?) is dat in treastjaande gedachte. Benammen ek om't guon minsken hjoed-de-dei tinke, dat se sels, har libben, dit bestean op ierde doelleas is en totaal gjin sin hat. En dat is ek skoan te begripen as men sjocht nei wat der yn de wrâld bart en de wittenskiplike teory oer it ûntstean fan it libben op ierde – de evolúsje-teory – foar wier oannimt. As it libben it gefolch is fan wat tafallich gebrobbel yn de oersop en dêrnei fan in seleksje op basis fan 'the fittest' (in yndividu dat troch de genetyske fariaasje it meast oanpast is oan tafallige en feroarjende omstannichheden) jout dat net hiel folle fertrouwen foar de takomst.



Ingelske karikatuer fan Charles Darwin

Foar ús as minsken fan Kristlik komôf komme de moderne, eksinstinsjele fragen noch wol sa hurd oan as foar oaren. Hast hûndert generaasjes hawwe wy leaud dat de bibelske skeppingsferhalen letterlik wier wienen. En de lju dy't dêr oan twifelen, pasten wol op om wat te sizzen, want as de Ynkwisysje jo net ferfolge, dan soarge de tsjerke der wol foar dat jo maatskiplik útsletten waarden.

De konfrontaasje

It hat ek laat ta in frjemde dualiteit yn de moderne kristlike minske: hoewol't wy de feiten fan de wittenskip kenne en de measten fan ús dy ek net ûntstride, sit yn ús efterholle noch altyd dat âlde Bibelferhaal.

As ik mysels as foarbyld nim, dan haw ik fan jongsôf oan tige ynteressearre west yn skiednis, argeology, geology, ierdrykskunde en biology. En noch altyd binne dat de ûnderwerpen, dy't ik yn de krante as earste lêse. En dan haw ik it noch net oer de boeken dy't ik der oer lêzen haw.

As it dus giet oer it ûntstean fan it libben op ierde en de ûntjouwing fan minskapen nei Homo sapiens haw ik dêr ek noait oan twivele. Benammen om't iksels – basearre op wat men sjocht yn de wrâld om jin hinne en myn beheinde kennis fan biology – leau dat it oerlibjen fan 'the fittest' faak hast lyk stiet mei de sterkste en bretaalste.

Likegoed hawwe skepping en evolúsje yn my in reedlik fredich bestean hân, oant ik der mear oer begûn nei te tinken. Dat barde ûnder ynfloed fan in Kursus Teology foar Gemeenteleden, dy't my (en in soad oare kursisten) mei de noas op de feiten drukte en twong ta kritysk neitinken oer wat men no wier wol en net leaut.

Dy konfrontaasje tusken Leauwe en Bibel oan de iene kant en it wittenskiplik ûndersyk nei de Bibel oan de oare kant is einige mei in folsleine oerwinning fan de wittenskiplike benadering fan de Bibel. De Bibel is en bliuwt in weardefol boek, mar de ferhalen binne net mear letterlik wier. In part fan de Bibel bestiet út ferhalen dy't ivichheidswearde hawwe, mar oaren binne troch de tiid efterhelle. Tink allinne mar oan wat de Bibel oer froulju en homo's seit.

Frjemde redenaasjes

'Undersykje alle dingen en behâld it goede', seit Paulus yn syn earste brief oan de Tessalonikers. Wy kinne de holle yn it sân stekke, mar net in minske kin útnaie foar de eksistinsjele libbensfragen.

'Bestiet God?' Is sa'n fraach en it antwurd is al faker jûn: dat kin net ien bewize, mar der is ek net ien gelearde dy't bewize kin dat er net bestiet.

Foar alle ynformaasje oer it Frysk Oekumenysk Wurkferbân Earnewâld en de Earnewâldster Rûnte, tsjerketsjinsten, preken, ynformaasje út de Earn ensfh. sjoch op: www.fowe.org

Preekrige

Alle tsjinsten fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân Earnewâld wurde hâlden yn de Agnes tsjerke (eks Herfoarme tsjerke).

7 oktober	09.30 oere	Pastor S. Draisma, Harns Mei muzikale meiwurking fan Melle Leegstra	Frysk Oekumenysk Wurkferbân
4 novimber	09.30 oere	Gjin tsjint y.f.m. spesjale PKN tsjinst yn de Agnes tsjerke	
2 desimber	09.30 oere	Pastor S. Draisma, Harns	Frysk Oekumenysk Wurkferbân
2019			
13 jannewaris	09.30 oere	Ds. Joh. v/d Meer, Akkrum	Frysk Oekumenysk Wurkferbân
3 febrewaris	09.30 oere	Frou H.G. Koops, Skettens	Frysk Oekumenysk Wurkferbân
3 maart	09.30 oere	Ds. A. Kobus, Mantgum	Frysk Oekumenysk Wurkferbân
7 april	09.30 oere	Dhr. T. de Jong, Haskerdiken	Frysk Oekumenysk Wurkferbân
Fan maaie oant en mei septimber 2019 binne der gjin tsjinsten fan it FOWE. Foar de tsjinsten fan de PKN Earnewâld foar 2018 en 2019: sjoch op www.pknearnewald.nl			
6 oktober	09.30 oere	Ds. G.W. Abma, Ljouwert	Frysk Oekumenysk Wurkferbân
3 novimber	09.30 oere	Pastor S. Draisma, Harns	Frysk Oekumenysk Wurkferbân
1 desimber	09.30 oere	Foargonger noch net bekend	Frysk Oekumenysk Wurkferbân

En dy't it wol prebearje, sette harsels wat foar gek, want in wittenskipper hâldt him oan wat er bewize kin.

En itselde jildt neffens my foar de fraach 'Wa en wat is G-d?' It sil in soad lêzers bekend foarkomme as ik sis, dat wy der yn ús famylje thús amper oer neitinke doarsten. Mar in hiele soad Kristlike gelearden hawwe der gjin muoite mei hân om ús foar te skriuwen hoe en yn hokker G-d wy leauwe moasten. Gelokkich haw ik mids njoggentiger jierren it boek 'A History of God' fan Karen Armstrong lêzen en oan de ein fan dat boek hie ik safolle frjemde redenaasjes oer G-d lêzen, dat ik fan neat mear seker wie. Utsein fan ien ding: alle sprekken oer Boppe komt fan hjir ûnder op ierde en net ien kin sizze dat er wit hoe't G-d is of tinkt.

Wat oerbliuwt

Boppesteande prakkesaasjes binne hjirfoar koart beskreaun, mar it hat my en in soad oare minsken faak tsientallen jierren koste om de âlde Godsbylden los te litten.

Oaren hâlde noch dwers troch alles hinne fêst oan it âlde ek al binne se faak ferlegen mei har eigen fragen, dy't se faak net iens ûnder wurden bringe doare.

It meast sinnige wat se jin faaks noch foar de fuotten smite is 'En wat leausto dan noch?'

En se ha gelyk. In soad fan it âlde is foarby gien en der binne gjin dúdlike antwurden foar yn it plak kommen.

In grut foardiel is wol, dat men net mear mei de fragen oanklaud sit, dy't de âlde Godsbylden mei-bringe en dat men gewoan sizze kin 'Ik wit it net' en 'Leauwen is moai, mar dwaan is in ding'. Want rjocht dwaan is yn it âlde Joadske leauwen wol sa wichtich as teoretysk geprakkeseoar.

Dochs hat neitinken oer de evolúsjelear foar my wol ta hiele wichtige ynsjoggen laat. Want dy lear hat noch altyd gjin antwurd op de fraach hoe't it libben en it tinken en bewustwêzen fan de minske (en foar my ek fan alle oare libbene wêzens) ûntstien is. Wêr komt it wei? En wêr giet it (nei de dea) hinne? Wat elektryske skokjes en ferbinings lykje my altyd in te simpel antwurd op it (ûntstean fan) it Wûnder fan it Libben. Ek al wit ik net wat it presys is, it ropt by my altyd wol in grut ûntsach (foar G-d?) op. Ik haw noch altyd it gefoel, dat der mear tusken himel en ierde is as wat de wittenskip wol of net bewize kin.

In twadde punt is, dat frijwol alle libbene wêzens op ierde op de ien of de oare manier sosjale wêzens binne. Se libje yn in mienskip mei oaren en hawwe dêrtroch op de iene of de oare manier evolúsjonêr súksesfol west. Dat sosjale aspekt – soarch foar jongen, partners, de keppel – is hiel wat oars as 'survival of the fittest'. Der binne wol evolúsjonêre aspekten oan te wizen, mar oft dy de trochslach jûn hawwe, is mar de fraach. Der binne in hiele soad net-taastbere dingen yn dit bestean – leafde, hoop, trou, tagedienens – dêr't de evolúsjelear gjin antwurd op hat, mar dy't ús yn dit libben wol oerein hâlde en moed jouwe om alles ûnder eagen te sjen. Sels de libbensfragen dêr't net altyd direkt in antwurd op te jaan is.

It bliuwt in saak fan 'Leauwe, Hope en Leafde'.

Jan Lautenbach

(*): As ik G-d brûk yn dit artikel doch ik dat om oan te jaan, dat wy – sa't it yn de 10 geboaden stiet – tige hoeden omgean moatte mei it brûken fan de namme fan it mystearje G-d.

Earnewâldster Rûnte

Program foar 6 lêzingen oer 'diggels en boustiennen'

De titel slút oan by de minsklike oerûnderfining dat wy libje yn in wrâld, dy't wy net 'goed' neame kinne, sa't it wie 'yn it oanbegjin' (Genesis 1). De wrâld is net in paradys. Alle dagen wer oan fernimme wy dat it kwea tal fan troanjes hat en rûnom opdûke kin: nytgjend en tergjend en bytiden alles fertsjusterjend. It minske-wêzen is paradoksaal en fol mei tsjinstridichheden. Der is in fielen fan in tekoart. Oan de iene kant is men yn in ûnbegryplike wrâld bedarre, sûnder dat men dêr sels foar keazen hat en oan de oare kant is men frij, kin men kieze en dêr jins ferantwurdlikheid foar drage, mar sûnder dat men dêr de konsekwinsjes fan oersjen kin. It minsklike bestean is dan ek in wif en nuodlik bestean. Men hat dan wol de opdracht om, lit it wêze mei fallen en oerein kommen, te bouwen oan in leefbere wrâld, mar fanwegens de macht fan it kwea kinne jins goede bedoelings krekt oarsom útpakke. Sa libje wy ús bestean mei diggels likegoed as mei boustiennen. Krekt dy paradoks is it tema fan de rige lêzings foar it oansteande winterskoft. Seis sprekkers sille elk op in eigen wize en út in eigen ynfalshoeke wei har ljocht skine litte oer ien of mear kanten fan dit tema.

Tiid: alle jûnen fan 19.30 - 21.30 oere. Alle jûnen begjinne dit winterskoft om 19.30 oere!

Plak: PKN tsjerke Eben Haëzer. Adres: Wiidswei 6, 9264 TL Earnewâld

Yntekening: troch € 35,00 (de man/frou) oer te meitsjen op bankrekken NL62 RABO 0132 7430 51 op namme fan Frysk Oekumenysk Wurkferbân, Aldwâld, mei fermelding: seizoen 2018 - 2018 en jo adres en postkoade.

Sûnder adres en postkoade kinne wy jim it program net tastjoere, om't banken wegerje de adressen fan bankrekken troch te jaan! It program wurdt jim nei betelling begjin septimber tastjoerd.

Kontaktadres: Tine van Minnen, Wiesterwei 12, 9143 WJ Nes (Dongeradiel)

Tillefoan: 06 - 20 60 04 09 E-post: tine.vanminnen@kpnplanet.nl

Tiisdei 18 septimber 2018 Ynlieder: Stevo Akkerman

'Gjin ûntkommen oan . . .'

Liberaal Kristendom: net otterdoks, iepen, frijmoedich

Stevo Akkerman is kollumskriuwer en redakteur Religy en Filosofy by Trouw. Dêrneist is er romanskriuwer.

Tiisdei 23 oktober 2018 Ynlieder: Matthias Smalbrugge

'Diggels bringe gelok. De boustiennen fan it ik.'

Hoe sjogge wy yn ús kultuer tsjin it eigen ik oan?

Prof. Dr. Matthias Smalbrugge is gewoan heechlearaar oan de telogyske fakulteit fan de VU yn Amsterdam.

Tiisdei 20 novimber 2018 Ynlieder: Paul van Tongeren

'It kwea en de frije wil.'

Oer hoe't Augustinus de wil ûntdekt as oplossing foar it probleem fan it kwea.

Prof. Dr. Paul van Tongeren wie oant syn emearitaat gewoan heechlearaar wiisgearige etyk oan de Radboud Universiteit yn Nimwegen en bûtengewoan gastheechlearaar etyk oan de KU yn Leuven.

Tiisdei 8 jannewaris 2019 Ynlieder: Jan Greven

'Oer âld wurden en it goede libben.'

Ald wurden is as in kuier yn 'e bosk by hiele hurde wyn.

Drs. Jan Greven is skriuwer en teolooch.

Tiisdei 5 febrewaris 2019 Ynlieder: Cees Glashouwer

'Tusken determinisme en frijheid'

Yn tsjerke en mienskip geane wy út fan de frijheid en de ferantwurdlikens fan de minske.

Mar hoe reël is dat as minsken ûnderdiel binne fan in alles omfetsjende kausaliteit?

Drs. Cees Glashouwer is emearitus predikant yn Harns.

Tiisdei 5 maart 2019 Ynlieder: Rik Torfs

'Gelok dat him net sykje lit'

Gelok is yn it foarste plak ôfwêzigens fan ûngelok. Sykte en dea hawwe wy net sels yn de hân. Kinne we dan hielendal neat dwaan?

Prof. Rik Torfs is heechlearaar oan de KU yn Leuven en tsjerkejurist.



De Earn

Útjefte fan it Frysk Oekumenysk
Wurkferbân Earnewâld

Redaksje en administraasje fan de Earn:
Tine van Minnen
Wiesterwei 12, 9143 WJ Nes (Dongeradiel)
Tillefoan (06) 20 60 04 09
E-post: tine.vanminnen@kpnplanet.nl

Ûnder redaksje fan:
Tine van Minnen en
Jan Lautenbach, (06) 10 92 48 08
E-post: jan.lautenbach@kpnplanet.nl

FOWE bankrekken: NL92 RABO 0349 8140 58

ISSN 1878 - 4348

Fan it bestjoer

Yn 2016 en 2017 binne 5 bestjoersleden fan it FOWE der om ferskate redenen mei ophâlden. Op dat stuit wienen der noch 2 bestjoersleden oer:

Tine van Minnen dy't der al hast 20 jier yn sit en der mei ophâlde wol no't se al in pear jier mei pinsjoen is en Jan van der Wal dy't no sûnt ein 2016 meidraait. Dêrneist docht Jan Lautenbach noch aktyf mei as administrateur en webmaster.

Boppedat sit der ek gjin tsjerkeriedslid fan de lokale tsjerke mear yn it bestjoer. Dat moat eins al neffens it karbrief, want alle Frysk Oekumenysk Wurkferbannen wolle altyd gearwurkje mei lokale tsjerklike gemeente(n).

It draaiend hâlden fan it wurkferbân mei twa bestjoersleden is net te dwaan, mar de syktocht nei nije, Fryksinnige bestjoersleden, dy't har ynsette wolle foar de doelstellingen fan it FOWE hat gjin súkses hân.

Fierder is benammen troch âlder wurden en ferstjerren fan de Fryksinnige tsjerkeleden yn Earnewâld yn it bysûnder, mar ek yn de omkriten, de efterban fan it FOW en it tal besikers fan de tsjerke-tsjinsten bot tebekrûn. Dat hat ek de reden west om simmerdei gjin tsjinsten mear te organisearjen. Op dit stuit is it sa, dat de tsjerketsjinsten foar 2018 en 2019 fierhinne regele binne.

Om't de Earnewâldster Rûnte (ER) noch altyd goed draait (sawol organisatoarysk as kwa besikers) mar yn feite net it haaddoel is fan it wurkferbân (dat is it organisearjen fan Fryske tsjerketsjinsten yn Earnewâld) wol it bestjoer fan it FOWE yn oerlis mei de kommisje ER besjen hoe oft de aktiviteiten it bêste fuortset wurde kinne.

Wa wit, binne der wer entûsjaste minsken te finen, benammen ek yn it doarp Earnewâld sels, dy't it wurk fuortsette wolle. Slagget dat net, dan sil it bestjoer har beriede moatte oer hoe't it yn 'e takomst fierder moat mei it FOW yn Earnewâld.

It bestjoer fan it FOW Earnewâld
Tine van Minnen en Jan van der Wal

Meidielings

Gearkomst

4 septimber 10.00 oere Kommissje ER

Kofjedrinken

Snein 7 oktober o.s. is der nei de tsjinst kofjedrinken yn de konsistoarje fan de Eben Haëzer tsjerke.

Kollektes foar in goed doel

De lêste oardel jier ha ús diakonale kollektes west foar in projekt yn Rûmeenje. Yn de lêste gearkomste hat it bestjoer besletten dat oant en mei ein 2019 de opbringst fan dizze kollekte wer te'n goede komme sil oan de Jan Jochums Visser Stifting. Hja sammelje jild yn foar de Grace Mountain Mission, dy't har ynset foar ûnderdak en ûnderwiis oan kânsearme bern op it eilân Luzon yn de Filepinen.

By ferkeard adres werom nei: Wiesterwei 12, 9143 WJ Nes

Muzikale jûn m.m.f.

Jan v/d Wal en Tsjibbe Reitsma en
in ferhaal fan frou Henny Koops

Op sneon 27 oktober, jûns om 19.30 oere sil Frou H.G. Koops fan Skettens in ferhaal hâlde mei as titel:

Rispinge

De rispinge leveret ús iten en drinken troch lân en bisten en is troch de tiden hinne de basis fan ús wolfeart. Mar de opbringtonen fan ynset en wurkjen fine wy ek werom yn de muzyk, de tsjerke en de keunst.

Foar en nei, mar ek tuskentroch sille wy ferskate muzykstikken hearre, dy't útfierd wurde sille troch Jan van der Wal en Tsjibbe Reitsma op oargel en harmoanium.

Der sille ûnder oaren stikken spile wurde fan César Franck en Johann Sebastian Bach.

De tagong is fergees; by de útgong is der in kollekte foar de ûnkosten.



It oargel yn
de tsjerke fan
Earnewâld